

# DE HAVENSBANK



## Maaie 2026 OUrlôWszYrhalen

Lammert Kalsbeek

Underdûkers yn de  
Greate Mar

De knokploeg van  
Idaarderadeel

Cohen

Omke Folkert

De ontsnapping in  
Warga

In dei út it libben fan in  
ûnderdûker

4 maaie

Kerkbuurt 8

Dokter Maathuis

## Lammert Kalsbeek

Foar jim stiet Lammert Kalsbeek. Ik bin berne op: 13 augustus 1939 op in buorkerij oan 'e Warstienserdyk 3 hjir te Wergea. De earste oarlochsjierrren haw ik net bewust meimakke. It lêste healjier fan de oarloch stiet my noch by. "De hongrewinter". Ús hûs siet fol mei frjemde minsken. Boppe op de opkeamer wennen: de famylje Beerents, 3 persoanen út Snits, Ome Jan moast ûnderdûke nei de spoorweg staking en Keimpe Sikkema, hy wie journalist by de Ljouwerter krante. Op de earste stâl yn it great bûthûs wennen de evakuees de famylje Van Loon út Amsterdam. En achter op it hiem wienen Dútske soldaten.

Safolle minsken dy't flechten en honger hiene. Dêrom moasten wy as bern: Pietje, Greetje Beerents en ik mei de slide en in greate panne nei de gaarkeuken yn de suvelfabryk. Dat iten waard yn in grutte tsjettel gear stoomd troch de hearen: Grutte Anne Veenstra, Gerrit Aarnout (Arnolds Pietsje) en Durk Bouwma.

It menu bestie út, de iene dei jirpels mei rapen, de oare dei rapen mei jirpels.

Ik kin my noch goed heuge dat ús heit en alle boeren út Wergea in oprop fan de besetter krigen om mei hynder en wein nei de buorren te kommen. Mar dat ferdomden hja! Mar de Dútsers setten harren ûnder druk. Net komme betsjut, wy sette trije ûnskuldige doarpsgenoaten tsjin de muorre. Hja hiene gjin keuze en sa sette ús heit en buorman Sjoerd Finnema mei in span hynders en twa weinen nei de buorren. Sjoerd en heit krigen as fracht soldaten op harren wein. Krekt foar Snits wie de loft fol mei Tommy's, Ingelske fleantúgen. De soldaten sochten dekking. Heit en Sjoerd binne sûnder fracht omkeart rjochting Wergea en kamen de oare middeis wer feilich thús. Deselde nacht krige ús mem ynkwartiering fan Dútske soldaten mei weinen fol munysje dy't yn 'e skuorre moasten.

Moarns moast ús mem melke mei de arbeider. Healwei it melken krigen de kij in toppe hea dat troch in lûk op 'e heasouder ôfskoud waard. Wiebe kaam nei it fuorjen nei ús mem en flústere har yn it ear: 'Hja lizze boppe op 'e buit'.

Yn in hol yn it hea wie in hol, dêryn wiene ferstoppe: fytsen, radio en oare kostberheden. Op in moarn naam ús heit my mei. Yn 'e skuorre lei yn de moalbak in jonkje dy't dêr in hiele dei yn sliedt hat. Us âlders doarden him net yn 'e hûs te heljen fanwege de ûnderdûkers. Yn de kâlde winter fan 1945 wie gjin branje mear te keap en alles wat bane koe en waarmte joech, waard meinommen. Sa ek de houten ljochtpeallen oan de Warstienserdyk waarden omsage. En yn 'e snie stie de oare moarns skreaun: 'de rest is voor de goddelozen'.

Ús ûnderdûker ome Jan wie in technikus, sette in fyts op 'e kop yn 'e koken, op it eftertsjil, twa dynamo's en elts dy 't yn 'e koken wie moast draaie foar in bytsje ljocht. Nije klean wie net te keap, mar ús mem wie tige kreatyf. Fan skjippewol breide hja lange hoazen dy 't mei elastyk en knopen om 'e middel drûgen waard. Ek moasten wy sunich mei ús klompen wêze. Wienen se stikken dan gongen wy nei Jan Klomp (Jan de Boer) dy sette der dan wer nije stikken hout ûnder.

Befrijing: op snein 15 april ûnder it melken kaam it blide nijs dat de Kanadezen fan Grou ûnderweis nei Wergea wienen. Hja kamen op in 'solderschuit en lichte tanks' oan op de Hillebuorren nr 6. Ús hiele famylje, de ûnderdûkers, ús arbeider, de famylje Postma lieten de kij de kij en setten bliid en optein nei Wergea. Wy wiene befrijd, it wie feest en de kij binne folle letter as oars molken.

80 Jier letter kamen op 14 april 2025 it neiteam fan ús befrijders luitenant Harris op in skûtsje oan op 'e Hillebuorren. Yn Ús Doarpshûs wie in hertlike moeting mei harren. It ferslach stiet yn 'e Havensbank fan april 2025.

Moanneblêd  
foar  
Wergea  
Warstiens  
Eagum

## Underdûkers yn de Greate Mar

Ik ha ea fan Auke van der Zweep te hearren krigen dat sy by harren op de pleats ek ûnderdûkers hiene. Dat ik op in jûn nei Auke ta, om dit ferhaal foarm te jaan en nei telefoanysk oerlis mei syn broer Titus ha ik it folgjende ferhaal der fan makke.

Wietze van der Zweep en Beth van der Zweep-Boekema buorke fan 1932 ôf op de pleats yn de Greate Mar, Peinje State, mar Titus en Auke wisten net better dan dat de pleats Teebus neamd waard, sjoen de foarm fan de pleats. Op it stee dêr 't no Richt van der Meulen-Miedema wennet en earder ek de famylje Jan Bles wenne. Sy kamen mei harren húshâlding en 8 bern fan Wytgaard en op dizze pleats binne de jongste fjouwer bern berne. It wie foar de bern in aardich eintsje rinnen om by de Roomske skoalle komme te kinnen, de nije Ljouwerterdyk wie der doe noch net en sy rûnen dan fia de Ald Ljouwerterdyk nei de Kerkbuurt en by strange winters koenen sy by de opfeart ûnderbine en opstappe en sa oer de Wergeasterfeart in hiel stik ôfsnije.

Nettsjinsteande dizze grutte húshâlding hienen sy yn de oarloch twa Limboarchske ûnderdûkers en soan Cor, dy 't in Dútske razzia ûntrinne koe, wie ek by harren ûnderdûkt. By dizze razzia's moasten alle jonge mannen harren op befeul fan de Dútske Wehrmacht oanmelde foar de "Arbeidseinsatz." Dêrnjonken wiene der ek noch trije Limboarchske evakuees. De ûnderdûkers sliepten op in keammerke dat allinne fia de heasouder te berikken wie en by ûnrêde wie der in doar nei de sliepsouder, dy't dan yntrape wurde moast. De "hutte", de eardere arbeiderswenning, waard brûkt foar it klandestine slachtsjen en hjir wie dan ek de opslach fan it fleis.

Ein 1944 kamen sa 'n 200 Dútske soldaten mei in bulte kabaal by harren oernachtsjen. Wietze koe yntiids op de dûbele souden bonke, op sa 'n wize dat de ûnderdûkers wisten dat sy har hoeden hâlde moasten en de fytsen waarden gau ûnder it hea bedobbe. De soldaten sliepten yn it hea en yn tinten op it hiem, wylst de offisieren by de buorlju, de famylje Van der Velde oernachten, dy moasten ommers yn bêden sliepe. Sy kamen mei legerauto's en hynders en wienen op trochtocht nei de Ofslútdyk, dy't sy oerstekke moasten om nei Noard-Hollân ta te kinnen. De hynders kamen yn de skuorre te stean en de legerweinen stienen rûnom op it hiem. De Dútske gearkoken stie foar it keukensfinster en sa koe de hiele famylje Van der Zweep sjen dat de Dútsers meastentiids baarch oan it spit ieten. Sy hienen ek grutte hûnen by harren en op in stuit rûnen dy, ta grutte ferbjustering fan de hiele famylje, rûnom de pleats mei grutte hompen fleis yn 'e bek dy 't sy yn de "hutte" fûn hiene. Hjir koe fansels neat fan sein wurde.

Sa hawwe de Dútsers der likernôch ien wike west. Oerdeis gongen hja op patrûlje troch de hiele provinsje, sa koe der noch moai stikem iten en drinken by de ûnderdûkers brocht wurde. Guon âldere soldaten wiene leaver by de famylje Van der Zweep bleaun, om't sy thús ek in húshâlding hiene en neat mei dizze oarloch hienen, wylst de oaren wol hiel dúdlik foar de Dútske saak gongen.

Mar wat hat dit foar de famylje Van der Zweep in spannende wike west. Tink ris ta dat de Dútsers de ûnderdûkers ûntdutsen hiene, de doar nei de sliepsouder hoegde dan lokkich ek net yntrape te wurden. De fytsen dy't yn 't hea troch de Dútsers fûn waarden gongen mei rjochting de Ofslútdyk, wylst de hynders fan Wietze te âld wienen om mei te nimmen. Op de Ofslútdyk is dit legerke fan in dikke twahûndert man troch de alliearden bombardearre en nimmen hat dit oerlibbe.

Wietze en Beth van der Zweep hawwe op dizze pleats noch oant 1959 ta buorke en binne doe yn Wergea te wenjen kaam oan de Ald Ljouwerterdyk njonken it Griene Krúsgebou.

Op de pleats waard net mear buorke en dizze fertutearze hieltyd mear en waard sloopt. Yn it doarp waard der grute dat âld dokter Van Drooge hjir in nij hûs op sette soe, dit is dus nea bard, mar letter wol troch de famylje Bles. It arbeidershûs, de "hutte" hat yn de lêste jierren sechtich fan de foarige iuw noch efkes tsjinne as kofjebar "It Peukje", as foargonger fan de lettere jeugdsoos.

Wietze en Beth hawwe nei de oarloch, spitigernôch, nea wer kontakt hân mei de Limboarchske ûnderdûkers en ek net mei de evakuees.

Jelle Dijkstra

## De knokploeg van Idaarderadeel

Het 2<sup>e</sup> verhaal dat zich hier afspeelde gaat over de wapens van de knokploeg van Idaarderadeel. In december 1944 vind er een wapendropping plaats in een weiland in Oldeboorn. Deze wapens of een deel hiervan kwamen hier in deze schuur in de opslag. Het verzet had het inmiddels voor elkaar gekregen dat ze de telefoon in het Burmaniahuis te Leeuwarden konden afluisteren. Hier werden dan ook de gevangenen ondervraagd en mishandeld. Ik wil nu dan ook iets vertellen over 1 van de verzetsmensen genaamd Pieter Sijtema hier uit Wergea.

Ergens in maart 1945 werd door een koerierster gemeld dat er kans was dat hij gearresteerd zou kunnen worden, maar Sijtema dacht dat het zo'n vaart niet zou lopen, maar hij had het mis. Hij werd opgepakt en overgebracht naar de Blokhuispoort.

Op een gegeven moment werd hij opgehaald voor ondervraging op het Burmaniahuis. Daar hebben ze de kleren van zijn lijf gerukt totdat hij helemaal naakt was en hebben hem geboeid. Daarna hebben ze hem met ijskoud water 10 minuten lang bespoten met hoofdzakelijk gericht op zijn gezicht en geslachtsdelen. Ondertussen bleven ze maar vragen stellen over de wapens totdat hij buiten bewustzijn raakte. Toen hij weer bijkwam hadden ze hem met de rug tegen een gloeiend hete verwarming gezet waardoor hij brandwonden kreeg. En zo ging dat maar door.

Op een gegeven moment hebben ze de waterslang van achteren naar binnen geduwd en de waterdruk erop gezet totdat hij het gevoel kreeg dat hij uit elkaar zou barsten en hij raakte weer buiten bewustzijn.

Dit hele proces herhaalt zich 4 dagen lang en uiteindelijk geeft Sijtema toe, dat hij de wapens had vervoerd en dat ze verborgen waren op de zolder van scheepsbouwer Bartele van de Werff te Wergea

Om 12 uur 's nachts geeft de SD'er Rudolph de opdracht om van der Werff te arresteren. Gelukkig was de koerierster sneller en werden de wapens van zolder gehaald en ergens begraven. Barteld en Maaïke zagen nog kans om de kinderen onder te brengen bij familie in Wirdum en zijn zelf ondergedoken. De familie Cohen was al eerder vertrokken. Zij vonden het adres niet meer veilig door de wapenopslag. De Duitsers hebben alles overhoop gehaald maar niets kunnen vinden.

Ze hebben met de bajonet op het geweer in ons huis tegen de zolder gestoken om te zien of er verborgen ruimtes waren. Ook hebben ze alle tekeningen van o.a skûtsjes meegenomen. Alles was weg, totdat ik tijdens een verbouwing hier in de schuur, nog een aantal tekeningen van skûtsjes heb teruggevonden. Half aangevreten door de de muizen, dat wel. Deze tekeningen zijn gerestaureerd door Jelmer Kuipers, destijds conservator van het scheepvaartmuseum te Sneek.

Jannie van der Werff

## Cohen

Jacob Willem (Wim) Cohen werd geboren in 1923. Zijn vader Beike Cohen (geb. 1890) had een bloeiend bedrijf dat handelde in gebruikte stoffen en metaal. Wims moeder Aaltje Cohen (geboren Klein, geb. 1900) was huisvrouw. Beike en Aaltje kregen zes kinderen en het gezin leidde een religieus-joods leven in Leeuwarden, in de provincie Friesland. In 1941, na de Februaristaking, waren de bedoelingen van de Duitse bezetters van Nederland duidelijk voor Beike Cohen. Bang dat zijn zoon naar Duitsland zou worden gestuurd om dwangarbeid te verrichten voor de 'Arbeitseinsatz', stuurde Beike Wim naar een boerderij in Ferwoude, waar hij als landarbeider werkte. Intussen bezocht Wim de Joodse middelbare school in Leeuwarden, waar hij uitblonk in wiskunde.

De Joodse school werd opgericht toen de Duitsers Joden verboden om deel te nemen aan het bedrijfsleven of om les te geven op niet-Joodse scholen. De directeur heette Hartog Beem (geb. 1892), die sinds 1929 in Leeuwarden woonde met zijn vrouw Rosette (Retje) Kannewasser (geb. 1896) en hun kinderen Eva en Bram (geb. 1932 en 1934). Het echtpaar had hun eerstgeboren zoon Salomon verloren bij een ongeval toen de jongen nog maar zes jaar oud was. Hartog Beem was leraar Duits en een geliefd en gerespecteerd schoolhoofd.

In de zomer van 1942 nam Beike Cohen Wim mee naar een voormalig zakenrelatie, die de familie Cohen zijn hulp aanbood voor het geval ze die in de toekomst nodig zouden hebben. Begin november 1942 hoorden de Cohens geruchten over een op handen zijnde razzia en wisten ze dat het tijd was om onder te duiken. De eerste tien maanden zat Wim Cohen ondergedoken bij Willem Hubertus en Gerardina Cornelia (Dinie) Koster van Groos (geboren in 1896 en 1901) in Leeuwarden. Willem Koster van Groos was natuurkundeleraar op de school waar Wim Cohen les kreeg. Het echtpaar Koster van Groos hield ook Hartog en Retje Beem ondergedoken. Er waren veel boeken over wiskunde in huis en Wim bracht zijn tijd door met wiskunde studeren.

Wims broers en zussen zaten elders ondergedoken en zijn ouders Beike en Aaltje Cohen zaten ondergedoken in Warga, een dorp in de provincie Friesland, bij Barteld en Maaïke van der Werff (geboren in 1900 en 1907). Na tien maanden ondergedoken te hebben gezeten bij de familie Koster van Groos, voegde Wim Cohen zich bij zijn ouders bij de familie van der Werff. De reis van Leeuwarden naar Warga was gevaarlijk; Barteld en Maaïke van der Werff brachten hem persoonlijk op de fiets naar hun huis. Wim zat achterop Maaïkes fiets en toen ze een Duitse controlepost naderden, deed Barteld alsof hij van zijn fiets viel, zodat hij de aandacht van de bewakers trok en Maaïke en Wim onopgemerkt konden passeren. Barteld van der Werff, die eigenlijk eigenaar was van een scheepswerf, was actief in het verzet. Barteld en Maaïke van der Werff kregen vier kinderen en hielden het echtpaar Cohen en hun zoon Wim ondergedoken tot de bevrijding van Warga in april 1945. Ook de andere vijf kinderen van Cohen overleefden de oorlog in een onderduikadres elders.

Door de inspanning van Barteld en Maaïke voor de joden is er destijds een boom geplant in een herdenkingsbos in Israël. Ook hebben ze van de familie Cohen persoonlijk een reis aangeboden gekregen naar Israël. Dan is er een holocaust herdenkingsinstituut genaamd Yad Vashem. Dit instituut heeft mensen onderscheiden die in de 2<sup>e</sup> wereldoorlog het leven van Joodse medeburgers hebben gered.

Op 20 januari 2020 is deze onderscheiding postuum toegekend aan Barteld en Maaïke van der Werff, maar door de coronapandemie is deze onderscheiding pas uitgereikt op 3 mei 2024 op deze dag werden in Leeuwarden 5 Friese echtparen onderscheiden. Deze onderscheiding is namens familie van der Werff door kleindochter Jannie in ontvangst genomen. Ook is er een delegatie van de familie Cohen overgekomen uit Israël om deze plechtigheid bij te wonen. Uiteraard zijn ze ook hier bij ons geweest om te kijken waar hun grootouders ondergedoken zijn geweest.

Aan het begin van dit verhaal heb ik verteld dat de Cohens een bloeiend bedrijf hadden in gebruikte stoffen en metaal. Kleinzoon Gerard Cohen zit nog steeds in Leeuwarden en handelt in oud ijzer en metalen.

Jannie en Pieter Postma-van der Werff

## Omke Folkert

Dit ferhaal giet oer myn omke Folkert dêr't ik nei ferneamd bin en wat ik graach mei jimme diele wol.

In de Twadde Wrâldoarloch waarden alle jonge mannen fan 18 oant 35 jier oproppen foar de arbeitseinsatz. Dit starte yn it begjin fan 1942 en oan 'e ein fan de oarloch wiene der sa'n lytse 400.000 mannen twongen te wurkjen in Dútslân. Natuerlik woene de measte mannen net nei Dutsland om te wurkjen in de oarlochsindustry fan de fijân en doken dan ûnder. Sa ek myn omke dy't wurke by syn heit yn de slachterij hjir in Wergea. Oerdei achter yn de slachterij oan 't wurk en af en toe stikem in luchtsje skeppe bûten. Dit gong hiel lang goed tot 7 july 1943 doe't Folkert foar de earste kear oppakt waard troch de Dútsers yn it Leechlân. As in wûnder waard der wer frijlitten. De twadde kear dat er oppakt waard is syn heit nei it hûs van bewaring in Ljouwert gien en hat dêr Folkert op wûnderbaarlike wize wer frij krigen. Myn heit, Ruurd de jongere broer fan Folkert koe it ús ek net fertelle hoe't hy dit foarelkoar krigen hat. En doe kaam de fatale dei! It wie 3 jannewaris 1945 en Folkert moast der efkes út om in luchtsje te skeppen. Alle dagen binne sitte wie gjin dwaan foar in jongkeardel en dus toch mar efkes nei bûten. Noch mar krekt bûten komt der in auto oan en blykte it in oerfalwein fan de Dútsers te wêzen. Folkert moast mei en wat syn heit ek probearre hy krige Folkert net wer frij.

Op de nei waard er nei Ljouwert brocht en ek no wer earst nei it hûs fan bewaring. Op 5 jannewaris waard hy mei in oare gefangene nei de suvelbank brocht en der opsluten yn in hiel lyts hokje. Letter op de dei waard der noch ien by hun yn it hokje stoppe en Folkert skriuwt dat der gjin frisse lucht wie en se bot switte moasten. Ein fan dei binne se werom brocht nei it hûs fan bewaring. Dit alles waard dien om de jonges te brekken en sommigen ûnder druk te setten sa dat se dingen fertellen gongen dy't de Dútsers graach witte woene oer bygelyks it ferset.

De earste dagen is er noch optimistysk mar geande wei wurdt dat minder. It iten is sa flau dat er heit freget oft ien fan syn broerkes of susters sâlt bringe kin en sigaretten. Fierder hat der ferlet fan ekstra klean want it iennichste wat der der hat binne de klean dy't der oan hie by syn arrestaasje. Wêr't er him foaral soargen oer makket is dat der no ek minsken binne dy't fanwege dielnimmen oan it ferset binnen brocht wurde. Disse mannen gûle in protte om't se witte dat se heechst wierskynlik foar it fjoerpeloton brocht wurde. It is oan 'e ein fan de oarloch en de Dútsers wurde hieltyd gemener. Der wurde steeds mear razzia's holden en Folkert skriuwt dat der op it momint dat hy fêst sit der wol 500 minsken gefangen sitte.

In de brieven dy't der sa wat alle dagen skreau oan syn heit is er eins noch wol optimistysk oer de ôfrin fan syn eigen sitewaasje. Hy skriuwt oer jonges dy't tinke dat se in frijstelling krije kinne en der hopet er sels ek op. Dit tink ik op te meitsjen út de brieven. Yn ien fan de brieven docht der dan ek suggestjes oan syn heit hoe't it thús allegearre moat. Dêroer skriuwt der it folgjende:

'Wel vader het beste hoor en wees maar niet ongerust want ik ben het ook niet. Ik heb hier kameraden genoeg.

De groeten van, Folkert

PS.

Denkt Siep er wel om dat hij de kadaverbonnen niet vergeet te schrijven? Siep is ook al zo groot, die kan best al wel helpen. (Hij moet er om denken hoor en niet meer naar Wartena gaan!)

Ruurd is ook vrij van school dus heeft vader al 2 knechten, dus waarom dan nog te treuren. Is het druk in de noodslachtplaats dan is Ronnie er ook nog wel. Die wil ook wel helpen.'

Mar it rûn oars. Fanút Ljouwert is Folkert nei Willemshaven in Dútsland brocht om te wurkjen yn de oarlochsindustry. Hurd wurkje en gjin goed iten makke dat der op in gegeven momint siik wurden is en nei it sikehûs brocht is. Safier't ik wit hat er der gjin brieven mear skriuwe kind út Dútsland of dizze binne net oankommen yn Wergea. Nei de oarloch is der noch in brief kommen fan in man dy't by him yn Willemshaven sitten hat en dy't de lêste dagen yn it sikehûs beskriuwt. In stikje út dizze brief lêse ik no foar:

'De toestand in het ziekenhuis was eerst goed wat de mensen betreft. Want oude patiënten en nieuwe lagen door elkaar heen. Vooral Folkert z'n groep kon ik goed mee opschieten. Alleen ze mochten er absoluut niet uit, bang voor besmetting, alleen het hielp niets. Er was veel difterie/diaree bij de patiënten.



De gezonde jongens gingen langs de ziekenhuizen en verkochten allerlei rommel maar ook aardappels, koolrapen en afgekluisde soepbotten die een kind in de grond gegraven had. Dit alles werd geruild tegen brood en middaeten. Dit kwam doordat bij ons de kachel steeds aan was en wij koken mochten. En dan zag je vaak een heel ernstige patiënt een koolraap opeten. Zo ook een zekere Sinnema, een slagerszoon uit Friesland. Toen die aan de diaree was at hij nog alles op wat hij kon. Maar hij moest daardoor zo vaak naar de WC dat hij de schrik te pakken kreeg en zich volledig aan het doktersrantsoen hield. Alleen was het toen al te laat. Een paar dagen later is hij overleden! Zijn twee benen kon je met je hand omspannen en een lege, starende blik kwam in zijn ogen. De mond half open gespannen als een dode. Het was gewoon een wandelend geraamte. Vlak naast hem laq ook één. Die ging om het half uur naar de WC in zijn hemd alleen, maar die kon het niet zover brengen. Dan stroomde het over het bed en de vloer heen. Hij nam zienderoqen af. Binnen twee dagen was hij ook dood.

Op den duur stierf er elke dag wel één. Een vreselijke gevangen stelling! Daardoor zijn ook velen gestorven, maar ook door erbarmelijke omstandigheden en heimwee. Ze konden de geest niet meer ophouden, deze zakte in. Dan kwamen daarna al gauw de lichamelijke klachten. Dit was vooral steeds het geval onder Friese jongens. Die hadden thuis van alles, waren fit en vrijheid in de natuur. Nu kwamen ze hier in 't kamp. Hun maaq moest zich overschakelen op meelkost en zelf geestelijk op gevangenschap. Dit is velen fataal geworden.

Hjir einiget myn ferhaal oer omke Folkert. In yntelliginte, soarchsume, sosjale, leave en hurd wurkjende jongkeardel dy't in goed trije moanne letter as in meager en útmergele man stiert op 13 april 1945. 21 jier âld en begroeven yn in massagrêf yn Willems haven. It wrange fan in oarloch dy't krekt letter oan syn ein komt!

Folkert Sinnema

## De ontsnapping in Warga

Het was eind februari 1945, op een zondag, toen de kerk van de St. Martinus-parochie in Warga plotseling werd omsingeld door een troep landwachters. Al vaker was gewaarschuwd dat het voor jonge mannen te gevaarlijk was om naar de kerk te gaan. Toch waren die ochtend zo'n twintig jongens bij de hoogmis aanwezig. Warga had immers minder bezoek gehad van de Duitsers en hun helpers dan omliggende dorpen.

Toen de kerkdienst eindigde en de kerkdeuren openzwaaiden, zagen de kerkmeesters tot hun schrik de gewapende landwachters staan. Het nieuws verspreidde zich fluisterend door de kerk: "Weg jullie! De landwachters!"

Wat toen gebeurde was als een goed geoefend toneelstuk. Het kerkvolk drong langzaam naar buiten, hield opzettelijk de doorgang op, zodat de jongens tijd hadden om te ontsnappen. De meeste jongemannen glipten snel via een gang naar de pastorie. Daar wees de huishoudster hen een geheime schuilplaats aan: een verborgen ruimte op zolder, ooit gebouwd voor onderduikers. Eén voor één verdwenen de jongens achter een losgehaalde plank. Binnen een paar tellen zaten ze muisstil verborgen.

Ondertussen zochten de landwachters de hele kerk af: bij het altaar, in de biechtstoelen, zelfs tussen de kerkbanken. Maar nergens vonden ze iemand. In de pastorietauin speelde zich nog een spannend tafereel af. Een jonge kerkganger was via de tuin naar het parochiehuis gevluht. Daar werd hij ontdekt door een landwachter die apart opereerde. De jongen bleef kalm. Hij bood de landwachter een sigaret aan. Toen die weigerde, bleef hij vriendelijk praten. Over familie, over Friesland, over 'landgenoten'. Langzaam won hij het vertrouwen van de man. Uiteindelijk accepteerde de landwachter een pakje sigaretten en hielp de jongen zelfs de pastorie binnen te glippen — nét op tijd, want de andere landwachters doken alweer op in de tuin.

De spanning in de pastorie was om te snijden. De jongens op zolder zaten doodstil, de adem ingehouden. Toen, eindelijk, bliezen de landwachters de aftocht. De pastoor ging naar boven en bracht het verlossende nieuws: het gevaar was geweken. Even later doken ook nog twee andere jongens op, die zich onder de kerk hadden verstopt. Eén van hen had een flinke bult op zijn hoofd, maar dat kon de vreugde niet drukken: niemand was gepakt.

Sytske Swierstra

## In dei út it libben fan in ûnderdûker

20 december 1944

Moarns healwei fiven, ik bin wekker en kâld. Der sit ryp oan 'e tekkens want it friest, op de saneamde kelderssouder. Op it oare bêd leit de tolfjierrige hongerevakuee. Pyt, dy't op in klomp en in skoech út de David Blesstrjitte út Amsterdam kaam. Hij neamt him Pyt Lenos, mar wat is in namme yn dizze tiid. It wie fannacht ûnrêstich bûten. Bommewerpers op wei nei de havenstêden yn Dútslân, in machtige dream. Ek ûnrêstich op 'e dyk, kommando's en klossende soldatelearzens. 's Nachts is it noch feilich foar hju. Jo leare te sliepen op in lichte waaksume manier. In solder heger sitte de spoarlju út Ljouwert, ea ûnbekend, mar swier socht yn ferbân mei rangeerkunde. Harren hûs waard de deis fan hun ûnderdûken troch de S.S. al leechhelle. Lokkich ha hja no in falsk persoansbewiis en binne evakuee út Roermond en skoalmaster, de druk fan 'e tsjettel!



Juster in skiep slachte, ferskriklik is dat dea meitsjen, ik sjoch noch de grutte griene eagen. Hjoed mar de bonken dêr út en bedobje. Fierders moat Pyt priksykje op it hiem, om mar oant wurk te bliuwen. Wy hawwe noch in pear tabaksblêden dy moatte noch troch de snijer. Dit is in eintsje fytsframebuis mei in mes der foarlâns om it fyn te snijen, dan hjit wetter dêr oer om de nikotine dêr út te heljen want oars geane jo bûten westen, drûgje en rôlje yn in blêdsje fan in Psalmboek (tin papier). De spoarman kapt en seaget lytse blokjes hout foar de "rus" oftewol it lytse kacheltsje mei in pypke fan sân sintimeter foar in lyts pantsje mar it baarnt sunich.

**10 oere:** Nei it bûthûs dêr't ik in pear fêste molkekanten betsjinje út it doarp. Lokkich net folle rinnende út de stêd. Wij leverje mar twa buskes deis (60 liter) en binne al warskôge dat it te min is. Faaks is der kontrôle bij de "Mauer", de muorre yn 'e strjitwei dis kant Ljouwert mei oan eltse kant in minfjild. Ek bliuwt der molke thús om te rjemjen foar bûter meitsjen. Taak foar de spoarfrou, tontsje mei in pols roame 18 graden C en mar op en del, en oanhâlde.

**11 oere:** Surrogaat kofje sûnder koeke mei in min stikje bôle, dêr't een swarte healgeare streek yn sit. De spoarman kontrolearret it stroomferbrûk, te witten 30 kW de moanne sels ferdiele ien kW deis. In lampke fan 40 watt, soms yn 'e hûs, en twa yn it bûthûs en heasoulder.

**11.30 oere:** Mem hat it drok, iten sierde op 'e âld kookkachel foar tsien minsken, mei net altyd droech hout. Hja is tige meager, wylst wy toch oer mear iten beskikke as de minsken yn 'e buorren. Trije hongerige bern, plus de sis mar "oanrin" is in drege opjefte.

**12 oere:** Spoarfrou en myn suster helje út de sintrale keuken stampot fan rapen of woartels mei de slide, der leit in bytsje snie. In pracht stikje doarpsienheid is dizze sierderij yn de suvelfabryk. Ek jûns ite we jirpels mei molke. De bôle tawizing is op.

**1 oere:** Spannend, lústerje nei de Ingelske sinder. Hier is de stem van strijdend Nederland op golflingte enz. enz. en ta beslút: "Wij doen ons best zonder er op te boffen, toch krijgen we ze wel de moffen". Er wurdt ferskriklik fochten yn de Ardennen, wêr't in protte snie leit. In Dútsk wanhoop offensyf, wêr't tûzenen stjerre oan beide kanten. Troch berûne loft is steun fan fleantugen net mooglik. Ek yn Poalen en Ruslân swiere gefjochten. Fierders koade berjochten foar it ferset.

Us radio sit ûnder de heagolle, mei in stekker gat yn in heafaksdoar, en dêr de moalbak foar yn 't bûthûs. De húsgenoaten steane op wacht, om gefaar troch te jaan en dan neiprate oer de kânsen. Der binne noch al wat siken yn 't doarp troch gielsucht en diftery wat tige gefaarlik is. Amsterdam in hongerdrama, blombollen as iten, in soad deaden ek fan 'e kjeld.

**2 oere:** It spinwiele oer de flier, om noch wat jern te meitsjen. Hjoed twine, dat is trije triedden spûn wol by elkoar draaie, net te stiif, wat mei leadwichten te regeljen is, waskje mei sâltwetter foar de kleur en om it skieppefet dêr út te krijen. Moai wurk, mar doe't ik hastich ûnder dûke moast om 't myn namme ek op de bekende list stie foar opspoaring, is trije wike efter elkoar spinne by frjemden in ferskrikking.

**3 oere:** De earste molkehellers lizze op in klamke hea yn 'e skuorre, kâld en wurch op soms in fyts mei "kusje bannen" (strook autobân) en rinnende troch de Himpensermar oer Goutum. Fyts stellen troch de besetter foardeze hjitte dat. Ik ha se sjoen op skuon mei heale soal fan lime lagen papier en dan troch de snie wer nei hûs! "Mei ik molke as is it mar ien liter. Jo hawwe juster ek west net?" Wegerje dan mar ris. Dit ferjit ik nea, en ik koe hjir net mei oerwei, mei ús heit om beurten stjoerden we ien fuort. Dat joech sprieding. De oare deis binne se er dochs wer.

**4 oere:** Myn broer had nei de skiep west, der binne no noch sân dy moatte der eins bliuwe, mar dêr wiene wol fjouwer hikkepeallen omseage en ek de beammen oan de Ljouwerterdyk koarte hurd yn. Der is net folle mear te ruiljen tsjin swarte brânje. Soms noch fan skippers dy't fia de grêft foar de Dútsers mei brânje fearen.

**5.30 oere:** Wy kontrolearje oft de fertsjustering goed foar de kowerútsjes sit. We passe op dat it goed gebeurt. Patrouille bezoek kinne we net brûke. Soms komme gewoane soldaten yn 't bûthûs mei gewearen, dat falt wol wat ta. It is er per slot lekker waarm, mar de oaren mei masinepistoalen, S.S.-ers of grienen dêr gong grutte driging fan út. In pear frjemde "ervaringen" mei opdien doe 't in hynder dat foardere wie fuort brocht wie en ik útlizze moast hoe en wêrom. Dat foel ûnder de kategory 'troch it each fan de nulle'. Liegen leart!

**6 oere:** Ite, mem hat ûndermolke sean mei mealde weet (tarwe). Der leit in brún laachje op en der sit dus myt yn. Se binne goed dea en kinne der of skept wurde, en wer ierpels.

**7 oere:** We sitte mei elkoar yn 'e keuken. It is stil bûten. Elts sjocht thús te kommen want 8 oere is it "spertiid". Dan ien oan 'e doar, spanning, mar it blykt immen fan út ferset te wêzen. Bonkaart foar de spoarline. Hja hienen ommers gjin stamkaart foar de distribúsje. Pracht keardel, begrypt wol alles wat er dien wurdt foar ûnderdûkers, ûnderdak of bonkaarten of falsk persoansbewiis dêr stiet praktysk de deastraf op. Ek komt de "evacué" Sachs de Levie, frou fan de postkantoarhâlder út Stadskanaal, de namme seit genoch.

**8 oere:** We kaarte wat, gjin elektrysk ljocht jûn (boppe it rantsoen) dus mar in driuwerke, in potsje oalje of fet mei in koark wertroch't in tried wat in walmjend ljochtsje jout. Myn broer ferliest en rekkenet ôf mei sinke dúbbeltsjes.



**9 oere:** De kachel jout belies. Bêdtiid dan mar efkes troch it bûthûs oft alles rêstich is. Bûten stjerhelder, út it westen wei komme de earste nachtjagers, Wellingtons en Liberators of hoe't de typen fierders ek hjitte meie, oerfleanen. Fan fleanfjild Ljouwert sykje in pear ljochten de loft ôf. In ljochtfakkel daalt stadich del, mar fannacht wer rjochting "heimat". Ik tink werom oan die jûn yn jannewaris doe't dy grutte bommewerper brânend efkes boppe Wergea hong om dan bij Wurdum te pletter te slaan. We seagen de bemanning der útspringen, te let. Se wienen fan myn eigen leeftyd. Noch mar twaentweintich jier! Hoe folle komme fannacht net werom? De priis is heech foar ús frijheid! Soms is de loft read yn 't easten fan de brânen twahûndert kilometer fierder! Ek de druk op ús ûnderdûkers nimt ta. Der wurdt mear jacht op ús makke. Moarn is it de koartste dei en lingje de dagen wer.

Ien kear komt de befrijning dat is wis!!

N.B.

Alles wat hjir skreaun is berêst op de suvere wierheid mei as doel it deistige libben yn oarlochstiid út te bylden. De spanning en soargen om it libbensbehâld is mei de pinne net wer te jaan. Wol de hoop op bettere tiden. Mar betink wol ferjit nea dy jonges dy't it heechste offer brochten foar ús frijheid.

45 jier letter, Wergea december 1989 J. de Jong

Dit verhaal is op 4 mei 2025 verteld door Jitze Grijpstra

## Kerkbuurt 6 Dokter Maathuis

In de nadagen van de oorlog speelde dokter Maathuis een stille, maar moedige rol in het verzet. In zijn dorp stond hij bekend als een bescheiden arts, maar achter de schermen bood hij onderdak aan een Joods echtpaar met een kind. Op 31 mei 1944 werd zijn huis echter verraden. De SD viel binnen, gewapend en hardhandig. De bewoners kregen niet eens de kans zich aan te kleden. Ze werden onder bewaking gesteld, terwijl het huis werd doorzocht. Kort daarna werd dokter Maathuis zelf opgepakt. Tijdens de verhoren probeerde men hem te dwingen zijn stilzwijgen te doorbreken. Maar hij bleef standvastig. Zelfs toen hem werd aangeboden om zijn vrijlating te "kopen" voor 5.000 gulden, stortte hij dit bedrag niet voor zichzelf, maar op de rekening van het Duitse Rode Kruis. Uiteindelijk is dat geld bij hen terechtgekomen die het nodig hadden. De joodse onderduikers werden gedeporteerd, eerst naar Westerbork, later naar Theresienstadt. Wonder boven wonder overleefden zij de oorlog. In de tussentijd verbleef dokter Maathuis in de gevangenis in Leeuwarden. Daar ontmoette hij Matheus Kamsma, een jonge verzetsman. Samen deelden zij hun verhalen en spraken ze in het Duits over hun hoop op bevrijding. In juni 1944 werd Maathuis vrijgelaten. Maar de oorlog woedde voort. In september sloeg de paniek toe bij de NSB'ers toen de geallieerden oprukten.

Op "Dolle Dinsdag" vluchtten velen halsoverkop. De straten kleurden rood, wit, blauw. Wat rest is een herinnering aan dappere mensen zoals dokter Maathuis. Mensen die risico's namen, stil en vastberaden, en die met gevaar voor eigen leven anderen beschermden.

Aaltsje Meinderts



## 4 MAAIE

De loft is griis, de dagen binne kâld,  
Minsken libje yn ferdieling op de wrâld.

In frij libben, mar de besetting kaam,  
Fan dei op dei wurdt je de frijheid ûntnaam.

Eltse dei in nije moarn,  
Eltse dei tûzenen minsken stoarn.

In libben wêr't it rjocht net bestie,  
In libben dat doe werklikheid wie.

Underdûkers stil en bang,  
Want nimmen wist foar hoe lang.

Eagen fol mei angst en pine,  
Net wittende oft der minsken dy't je leaf hawwe hjoed  
of moarn ferdwine.

Wa is je freon, wa kinne je fertrouwe?  
Wa lit dy libje? Op wa kinst dan bouwe?

It ferstân mei it gewisse yn striid,  
Hokker karren meitsje je yn oarlochstiid?

Us 2 tuorren stean sterk en frij,  
Bliid en tankber wêze, dat moatte wy.

Omdat wy frij oer strjitte rinne,  
En omdat de wurden dy't wy sizze gjin angsten kinne.

Us 2 tuorren stean sterk en frij,  
Krekt as wy.

Sophie de Wit

## KERKBUURT 8

Tijdens de Tweede Wereldoorlog speelde het Frijese dorp Wergea een moedige rol in het verzet tegen de Duitse bezetter. Eén van de meest indrukwekkende verhalen is dat van Pieter Sytema en zijn vrouw Janke. In hun woning aan de Kerkbuurt boden zij onderdak aan onderduikers en hielpen zij neergehaalde geallieerde piloten te ontsnappen. Janke werd door velen liefkozend "mem" genoemd, een moederfiguur binnen het verzet. Het echtpaar liep groot gevaar. Pieter werd in 1944 opgepakt en zwaar mishandeld door de Sicherheitsdienst in Leeuwarden. Ondanks martelingen en dreiging met executie bleef hij lang zwijgen. Onder druk van een medegevangene die ook was gemarteld, tekende hij uiteindelijk een verklaring over een wapentransport dat hij had uitgevoerd. De wapens – waaronder stenguns, geweren en explosieven - waren tijdelijk opgeslagen in zijn huis en daarna verplaatst naar een scheepshelling in Warga.

De inval bij Sytema thuis was heftig: Duitse soldaten openden zonder waarschuwing het vuur terwijl hij probeerde te vluchten. Hij overleefde het ternauwernood. Tijdens zijn gevangenschap probeerden de Duitsers hem via geweld en intimidatie te laten praten over contacten, wapens en andere verzetsactiviteiten. Na zijn vrijlating bleef hij actief binnen de ondergrondse. In februari 1945 dook hij samen met zijn gezin onder, nadat steeds meer verzetsleiders werden gearresteerd. Sytema werkte nauw samen met de LO (Landelijke Organisatie voor Hulp aan Onderduikers), het NSF (Nationaal Steunfonds) en een knokploeg onder zijn bevel. Hij was pelotonscommandant in het rayon Idaarderadeel. Binnen het verzet bestonden ook spanningen, bijvoorbeeld over de betrouwbaarheid van sommige leden zoals Arjen de Leeuw, wat tijdens vergaderingen tot discussie leidde. Pieter Sytema overleefde de oorlog en overleed op 27 oktober 1954 op 48-jarige leeftijd. Zijn verhaal en dat van zijn vrouw Janke zijn van grote historische waarde en laten zien hoeveel moed, solidariteit en opoffering nodig waren om onderdrukking te weerstaan.

Aaltsje Meinderts



## “Litte we net ferjitte”.

Yn dizze tiid fan it jier stean we mear stil by de (ûn)frede yn de wrâld. Jim ha noch wat te goede nei de troch de KKW organisearre Wergeaster Betinking fan 2025. Mei tank oan de fertellers hjir de persoanlike ferhalen dy't doe ferteld binne. Litte we net ferjitte!

De redaksje